

[0632]

DE FOARNAMME *ARP*

De foarnamme *Arp* fine wy net sa folle yn Fryslân. De earste kear dat ik dy namme lies en hearde, wie yn de jierren 1950-1960, doe't de Ljouwerter *Arp Hiemstra* as keatser nei foaren kaam. Hy hearde doe twa kear by de winners fan de P.C. Yn 1956 waard er sels kening (Kalma 252-3, 258 en 268).

As nammekundige kin men jin ôffreegje oft *Arp* in âlde Fryske namme is. Mar de oarsprong dêrfan is fuort net foar elkenien dúdlik. Heart er by de Fryske foarnammen op *-rp*, lykas *Sjerp* en *Woarp*? Dat is samar net te sizzen. Dêrom is it fan belang en gean nei wannear en wêr't *Arp* foar it earst yn Fryslân foarkaam.

1. *Arp* yn Fryslân

Krekt om't de foarnamme *Arp* net safolle brûkt wurdt yn Fryslân, is it net sa maklik en krij mear hâldfêst oer oarsprong en sprieding. Doe't myn frou en ik yn 1977 de foarnammen optekenen fan de famylje-advertinsjes yn de beide Fryske deiblêden, fûnen wy by de nammen fan 5000 persoanen yn de "Leeuwarder Courant" ien *Arp* en by 5000 persoanen yn it "Friesch Dagblad" ien *Arpe*. Yn de "Franeker Courant" binne doe de nammen fan 2000 persoanen neigien, mar dêr wie net ien *Arp* of *Arpe* by, likemin as by de Frjentsjerters fan 1947, dy't doe by de folkstelling har nammen opjoegen (M77-79; Fokkema).

Yn 1898 hat J. Winkler yn syn "Friesche Naamlijst" *Arp* en *Arpe* neamd as foarmen fan in ferâldere namme, dy't neffens him yn de 19de ieu net mear brûkt waard. Dochs binne der yn 1811-1812, doe't elkenien in skaainamme optekene litte moast, twa Arpen opskreaun. Neffens it "Repertorium" fan P. Nieuwland, dat net allinne dy skaainammen, mar ek de foarnammen fan mear as 24.000 Friezen ôfprinte hat, wie der doe ien *Arp* op de Gordyk en ien op Blesdike. Ek fine wy *Arp* yn de listen dy't de Frjentsjerter heechlearaar Ev. Wassenbergh yn 1774 en 1806 publisearre hat.

Yn de Aldfryske boarnen bin ik dy namme net tsjinkommen. Sa't it liket, is der foar it earst in *Arp* optekene yn Fryslân om 1625 hinne. De genealooch A. de Vries ferwiisde my dêrfoar nei it Reiding-boek. Dêrneffens troude doe in *Aaltie Arps* mei Gerben Wybes. Hja wennen yn Drachten. Yn 1691 troude dêr it bernsbern *Arp Wybes*. It falt op dat de earste Arpen dy't wy tsjinkommen binne, yn Drachten, op de Gordyk en Blesdike wennen. De namme is dus earst let optekene yn it (súd)easten fan Fryslân. Dêrom moatte wy ús ôffreegje oft it wol in oarspronklik fryske namme is. Benammen ek om't er om utens mear foarkaam.

2. *Arp om utens*

De foarnamme *Arp* fine wy foaral yn it noarden fan Dútsklân. In bekende drager fan dy namme wie de noarddútske oargelbouwer *Arp Schnitger* (1648-1720), dêr't drs. O. Vries my op wiisde. Yn Eastfryslân waard *Arp* beskôge as de nederdútske nammefoarm nêst *Erp(e)* as de âlde eastfryske (Zahrenhusen 59). Mar yn de 17de ieu waarden yn it eastfryske Harlingerlân *Arp* en *Erpe* as fryske foarnammen sjoen (König 81-82). In eastfryske oarkonde fan 1496 neamde in *Liuert Arpkens* (Möhlmann nr. 681).

De *Ar-* is wol út de *Er-* ûntstien foar it bylûd, lykas yn inkelde âldsaksyske foarmen. Dy oergong wie ek âldfrysk, bygelyks yn *Harlinge(n)* út *Herlinge* (Obreen-Gysseling), *Harmen* út *Herman* en *Tarp* út *therp* (O I 235). Dêrom meie wy de mooglikheid net útslute dat *Arp* en *Erp* ek yn it Aldfrysk bestien hawwe, ek al hawwe wy se net fûn.

Yn it Aldsaksysk binne de nammefoarmen *Erp* en *Erpo* wol gauris oerlevere (Schlaug 1962, 80), mar ek twastammige nammen lykas *Erpgêr* en *Erpgîs* (Bohn 148). Benammen yn de 12de ieu kaam dy namme tige faak foar (Schlaug 1955, 91 en 194). Yn 1267 wie der ek in *Erpo de Stenhus* yn Bentheim (O.S.U. IV, nr. 1726). Munsterlân koe yn de 13de en 14de ieu *Erp* en *Erpo* (Hartig 155). Dy namme giet werom op **erpa-*, adj., âldsaksysk *erp* 'brún', âldingelsk *eorp* en *earp*.

Yn it nederlânske taalgebiet wiene *Erpo* en foaral *Erpolfus* hiem yn it âlde Gent (Tavernier-Vereecken 72). Dêr tanket ek de jerke syn eastflaamske namme *erpel* oan, dy't yn de Midsieuwen troch kolonisten nei Brandenburg oerbrocht is. Yn Drinte wenne yn 820 ek in *Erpulf* (O.S.U. I, nr. 57).

3. *Arp út Erp 'de Brune'*

Lykas dat faker foarkomt by etymologyen fan nammen dy't net sa folle brûkt wurde en waarden, falt it by de ûndersochte namme ôf en krij wissichheid oangeande de oarsprong. Sûnder genôch foaral âlde fynplakken kin men min hâldfêst krije. Sadwaande moatte wy ús beheine ta arguminten foar de meast oannimlike oplossing fan de problemen. Gearfetsjend kinne wy no koart oanjaan hokker ferklearring mooglik en it meast wierskynlik is.

Om't *Sjerp* en *Woarp* weromgeane op *Sigrep* en *Wilgrep* (Van der Schaar; M86), liket it net ûnmooglik dat *Arp* ek út in twastammige namme ûntstien is, bygelyks út **Arn-grep* of miskien *Ald-grep*, mei *Arn-* 'earn', *Ald-* 'âld, achtber' en *-grep* 'greep, oanfal, striid' of sels 'strider'. Mar dan soene der tige sterke assimilaasjes west hawwe moatte, dêr't wy gjin oanwizingen of tuskenstadia fan fûn hawwe. Dêrom leit it folle mear foar de hân dat wy útgean moatte fan de ienfâldichste ferklearring: *Arp* út *Erp 'de Brune'*.

Wy meie de mooglikheid net útslute dat *Arp* en *Erp* ek al âldfrysk west hawwe. Mar dat *Arp* earst let (om 1625 hinne) en yn it easten fan Fryslân ferskynt, kin in oanwizing wêze dat dy namme ôfkomstich is út it easten, want yn it noarden fan Dútsklân waard er mear en earder brûkt.

De Bilt, ein maart 1985
Park Arenberg 62

H.T.J. Miedema

BIBLIOGRAFY EN OFKOARTINGEN

- BOHN, K., Untersuchungen zu Personennamen der Werdener Urbare (etwa bis 1150). *Greifswald* 1931.
- FOKKEMA, K., De voornamen van de bewoners van Franeker in 1947. *Meded. Ver. Naamk.* 31 (1955), 123-136.
- GYSELING, M., sjoch: OBREEN.
- HARTIG, J., Die Münsterländischen Rufnamen im späten Mittelalter. *Köln-Graz* 1967.
- KALMA, J.J., Kaatsen in Friesland. *Frjentsjer* 1972.
- KAUFMANN, H., Ergänzungsband zu ERNST FOERSTEMANN, Altdeutsche Personennamen. *München-Hildesheim* 1968.
- KÖNIG, E., Johannes Cadovius Müllers Memoriale linguae Frisicae. *Norden und Leipzig* 1911.
- M = MIEDEMA, H.T.J.
- M77 = De opleving van de Friese naamkunde sinds 1975. *Naamkunde* 9 (1977), 277-283, foaral: 281-3.
- M78 = De voornamen in de familie-advertenties van drie friese kranten. *Naamkunde* 10 (1978), 363-371.
- M79 = Frysk en frjemd by foarnammen yn Fryslân. Yn: *Philologia Frisica anno 1978. Ljouwert* 1979, 169-192.
- M82 = Bijdragen tot de voornamengeografie van Friesland. De voornamen van 24 duizend Friezen in 1811-1812. *Naamkunde* 14 (1982), 169-207.
- M86 = De friese voornamen *Seerp/Sjerp* en *Worp/Werp*. Te ferskinen yn *Naamkunde* 18 (1986).
- MÖHLMANN, G., Ostfriesisches Urkundenbuch III. *Aurich* 1975.
- MÜLLER, G., Studien zu den theiophoren Personennamen der Germanen. *Köln-Wien* 1970.
- NIEUWLAND, P., Repertorium van familienamen in 1811-1812 in Friesland aangenomen of bevestigd. *Ljouwert* (8 dln.) 1977-1982.
- O = SIPMA, P., Oudfriesche oorkonden I-III en VRIES, O., Oudfriesche Oorkonden IV. 's-Gravenhage 1927-1977.
- OBREEN, H.T. en GYSELING, M., Harlingen–Harns–Almenum. *It Beaken* 30 (1968), 189-198.
- O.S.U. = Oorkondenboek van het Sticht Utrecht tot 1301. I-V. *Utrecht-'s-Gravenhage* 1920-1959.
- VAN DER SCHAAR, J., Woordenboek van voornamen. *Utrecht-Antwerpen* 1964.
- SCHLAUG, W., Studien zu den altsächsischen Personennamen des 11. und 12. Jahrhunderts. *Lund-Kopenhagen* 1955.
- SCHLAUG, W., Die altsächsischen Personennamen vor dem Jahre 1000. *Lund-Kopenhagen* 1962.

SCHÖNFELD, M., Wörterbuch der altgermanischen Personen- und Völkernamen. *Heidelberg* 1911.

TAVERNIER-VEREECKEN, O., Gentse naamkunde van ca. 1000 tot 1253. *Sûnder plak* 1968.

WASSENBERGH, E., Verhandeling over de eigennaamen der Friesen. *Frjentsjer* 1774.
Twadde, útwreide printinge yn syn Taalkundige bijdragen tot den Frieschen tongval II. *Frjentsjer* 1806.

WINKLER, J., Friesche Naamlijst. *Ljouwert* 1898.

ZAHRENHUSEN, H., Ostfriesische Vornamen. *Aurich* 1939.